





Spulwike Nijs



earste jiergong

Op nei it fiere easten

EASTERWIERRUM/EASTERLITTENS/WEIDUM - As de Spulwike begjint op de earste moandei fan de simmerfakânsje is der al hiel wat wurk ferset. Sawol yn Easterlittens, Weidum en Easterwierrum binne de liederen, de haadliederen en de oare frijwilligers drok dwaande om de wike sa goed mooglik ta te rieden. Alle dagen is der yn alle doarpen fan alles te dwaan. Der binne spultsjes op it fjild, troch it doarp, mei de tinten en neam mar op. Dy spultsjes wurde yn it foar betocht troch saneamde kommisjes. Dy kommisjes soargje der dan foar dat alles regele wurdt. As der bygelyks in trekker en wein nedich binne foar in spul, dan moat dat al eefkes frege wurde oan de boeren. As de kommisjes de spullen allegearre foar elkoar hawwe, dan moat it fjild nog moai makke wurde. Alle trije doarpen bouwe it fjild op de lêste sneon foar de Spulwike op. Yn Weidum hawwe se in smûk dekor makke. De grutte houten platen binne sawol funksjoneel as moai: se fange oan de iene kant wyn, wylst se oan de oare kant prachtich beskildere binne. De tekeningen op de platen soargje derfoar dat it tema dúdlik is: It Fiere Easten! Yn Littens is tusken de beide helten fan it skoareboerd in prachtige tekening makke dy't sa heech is dat se him hast yn it fiere easten sjen kinne. Op de sneons liket de rest fan it fjild sa leech, mar dat kloppet fansels: op de moandei sille de groepen bern sels har tinten bouwe. Yn Easterwierrum is ek in prachtich dekor makke, krekt wat minder heech as yn Littens, mar al wat breder. De bekinde Spulwiketinte stiet yn 'e hoeke, foar as it min waar wurdt. Ek de tribune stiet al klear. Yn Easterwierrum soargje groepkes lieding der foar dat it fjild klear makke wurdt, sadat de bern de tintsjes sa opbouwe kinne. Dizze ferslachjouwer hat sjoen dat se yn alle trije doarpen hurd oan de gong west hawwe, en dat de Spulwike dus fan start gean kin! No mar hoopje dat de bern moandei komme.....

It bart yn trije lytse doarpkes



WEIDUM/EASTERWIERRUM/EASTERLITTENS Spulwike is in grutte organisaasje. Ien wike yn it jier binne sa'n 150 minsken full-time der mei dwaande. En full-time betsjut dan meastentiids ek echt de folsleine tiid. Lieder, haadlieder, haadbestjoerders, leden fan de kampkommisje en SMT'ers hawwe it der dy iene wike mar drok mei. Al mei al binne der oan bern en organisaasje in lytse achthûndert minsken by de Spulwike belutsen. Dy ferbrûke it ien en oar. Sa gie der sa'n 1374 liter ranja trochhinne, waard der 454 liter molke dronken, brûkten de pankoekmemmen (en -heiten) 80 kilo moai en 338 aaien. 78 flessen sjerp, 123 pakken sûker, 239 kilo jirpels. Der binne sa'n 1833 digitale foto's makke en der steane ek noch sa'n 300 op rôltsjes.

Wy hoopje takom jier wer in berop dwaan te meien op elkenien dy't holpen hat op wat foar wize dan ek. Tagelyk hoopje wy dat der wer sa'n grutte groep bern begroetsje meie.

www.spulwike-littenseradiel.nl

LITTENSERADIEL

UNDANKS REIN TIGE SLAGGE SPULWIKE



It reinde sa no en dan in bytsje, mar hiel faak kaam it mei bakken út de loft. De Spulwike giet lykwols altyd troch. It program waard hjir en dêr behoarlik wizige, mar de bern fermakken har der net minder om. In swiere wike, sawol foar bern as lieding, mar dochs tige slagge.

Mikrofoanwiksel yn Easterwille



EASTERWIERRUM Dit jier foar it earst twa mikrofoanminskens yn Easterwearrum. Mear op side 3

Spulwike dwaande mei takomst

Dit jier is by de Spulwike de organisaasjestruktuer feroare. Dêr't de Spulwike altyd in gemeentlike jongerein-kommisje wie, is it no in selsstannige stichting wurden. Fierder is der tsjintwurdich in sponsor- en pr-kommisje. Ek is der in komisje dy't undersykhet hoe't de takomst fan de Spulwike der út sjen moat. Yn de hjerst komme sy mei in advys dêr oer rjochting it haadbestjoer.



Fan de Foarsitster

Hjir leit er dan, ús earste echte Spulwike-krante. En wêrom?? Om't we in fet coole Spulwike hân hawwe, fine jim ek net?? Dêrom hawwe wy foar jim dizze Spulwike-krante makke. Sa kinne jim noch ris sjen wat jim dien hawwe en wa't der meidiene. Sa'n 630 bern en 150 frijwilligers hawwe dizze wike yn it spier west. Mei in protte wille kinne wy dan ek werom sjen op in Easterske wike. Fanwegen it minne waar hawwe wy lykwols al in soad spultsjes oanpasse moatten. Spitigernôch is bygelyks de survival yn Easterlittens net troch gien en yn Weidum healweis ôflast. Dat programma-ûnderdiel is foar in soad bern in hichtepunt.

As foarsitster wol ik op dizze wize elkenien tank sizze foar it mooglik meitsjen fan dizze geweldige wike. Lieding, organisaasje en frijwilligers, petsje ôf foar alle enerzjy en alle tiid (ek wat de tariedings oanbelanget) dy't jimme yn dizze wike stutsen hawwe. Ik winskje elkenien in soart lêswille en oant takom jier fansels.

Út namme fan de seksje,

Jansien Kamstra

Redaksjoneel



Johannes, Tsjerk, Tjerk, Wybo & Klaas: it SMT

De Spulwike is de tritich pasearre, mar is noch altyd tige jong fan geast. Sterker noch: de Spulwike giet mei syn tiid mei. En dêr is dizze krante it bewiis fan. In wike lang hat it Spulwike multimedia-team ferslach dien fan de programma-ûnderdielen yn de doarpen Easterwierrum, Easterlittens en Weidum. Jim hawwe se fêst wol sjoen, mei har reportaazjewein en de media-karavan, dy't alle dagen ien fan de trije doarpen oandje. Op www.spulwike-littenseradiel.nl koene jim al hiel wat foto's sjen fan de Spulwike. No kinne jim ek ferskillende stikken, ynterviews, reportaazjes en mear lêze yn dizze krante. In krante dy't jim bewarje kinne en dêr't jim net allinich no, mar ek dan noch ris yn om sneupe kinne en werom sjen kinne op de Spulwike 2003.

It Spulwike-multimediateam,

Boargemaster besiket spulwike foar fjirde kear



EASTERWIERRUM/EASTERLITTENS/WEIDUM - Woansdei hat de boargemaster de trije spulwike doarpen oandien. Mear op side 9



Net allinne der bern dogge spultsjes.....

EASTERWIERRUM/EASTERLITTENS/WEIDUM - Foardat de Spulwike begjint, moatte de lieders fansels al goed yn 'e stimming komme; oars soene se der as duffe kninen by stean yn de Spulwike. Boppedat binne der ek alle jierren in soad nije lieders dy't ek eefkes mei elkoar en de lieders dy't al earder meidiene yn 'e kunde komme moatte. En hoe kin dat better troch mei elkoar in spul te dwaan? Teambuilding, hjit dat! Yn Easterwierrum en Easterlittens organisearje se dêrom in yntroduksjespul foar de lieders. Yn Easterlittens gie it der mar wyld om en ta. Twa lieders waarden mei ien skonk oan elkoar fêstbûn, wylst se mei de oare skonk fuotbalje moasten. Ferskillende liedingkoppels foarmen op dy wize twa teams dy't it tsjin elkoar opnimme moasten. In bulte skoard waard der net. Dizze ferslachjouwer hat mar ien doelpunt telle kinnen. Mar dat falt fansels ek net ta, fuotbalje wylst jo oan in oar fêst sitte. De lieders moatte har field hawwe as siamese twalingen. Mar der barde noch mear. Wylst de twa teams mei ûnhandige maneuvuls besochten elkoar te bestriden, waarden se bekûgele mei wiete spûnzen troch groepkes lieding oan beide kanten fan it fjild. Op in bepaald stuit krige ien Littenser liedingkoppeltsje sels in hiele amer wetter oer de kop lege. Lokkich waard der al wiksele, sadat de spûnsgoaiers sels ek fernimme koene hoe't it is om te fuotbaljen wylst der ien oan jo skonk fêst sit en jo hyltyd wietichheid op 'e kop krije.

Yn Easterwierrum diene de lieders lykwols net ûnder foar dy yn Easterlittens. De Easterwierrumer lieders dienen in lytse survival: earst oer in yndianebrêge, doe mei in hynstekarke (mei ien lieder der foar fansels) de dyk út en doe mei in surfplanke ûnder de brêge troch. It die lykwols bliken dat dy surfplanke net al te stabyl wie. Der siet noch mar kwalik in groepke lieders op, of hy sloech al om. Wa't tinkt dat it lijen foar de lieding yn Easterwierrum hjirmei ôfrûn wie, slacht de planke mis. Ien kear wer op 'e wâl stie der in "negerzoenwip" klear, in útfining fan de mikrofoanman yn Easterwierrum, Arjan Schoustra (Arjan ferhiert de negerzoenwip trouwens foar € 15,- de middei/jûn). Hoe't sa'n "negerzoenwip" wurket. Jo goaie in bal op in planke, wêrtroch der in hiele doaze fol negerzoenen lansearre wurdt. Dy negerzoenen moasten fansels opheind wurde troch de lieders, mar dat slagge net altyd like goed. In soad lieders krigen betiden ien of mear negerzoenen lyk yn de snút! Mar de lieding yn Easterwierrum wie dêr net sa bang foar. Doe't it spultsje al ôfrûn wie, sjippen in oantal lieders elkoar noch ris lekker yn mei in negerzoen....

Yn Weidum is der ek in yntroduksjespul. De Weidumer lieders dogge it dêrby al in stik rêstiger oan as har kollega's yn Easterwierrum en Easterlittens. Sy sjonge mei mekoar de stjerren fan 'e himel yn in karaoke-show. Wat dêrby al neamd wurde moat, is dat benammen Johannes Monsma en Arjan de Koning poerbêst sjonge kinne. Soene sy fan it sjongen har berop meitsje, dan soene se as duo grof jild fertsjinje....



In protte wille yn Easterlittens



It earste ûnderdiel yn Easterwille



It wetter yn



Mar foar eltsenien wie der in traktaasje

Easterwille rêden troch imker

EASTERWIERRUM - HOLLE BOLLE ZZZZZZZZZZZZZZ.....
It wie panyk yn Easterwierrum. "Ferdikky", foetert haadlieder Thys de sneins foardat it feest los gean sil, "hawwe wy wer!" In grut wepsenêst, by ús op it fjild!". Tûzenden wepsen hawwe har sammele yn Easterwierrum en in nêst makke. "Dat is fansels wol aardich, mar net de bedoeling". Eefkes liket der panyk út te brekken: soe de Spulwike yn Easterwierrum noch wol trochgean kinne? Of moatte hja útwike nei in feiliger plak, in fjirde doarp?

Lokkich kin ien fan de lieders in ferneamde ymker. In ymker is in man dy't ynsekten sa as wepsen fuort jaaie kin. Hy hat in grut wyt pak oan en in soarte fan helm op 'e kop, sadat de bistkes him net prikke kinne. Op moandeis is Thys opluchte. "Lokkich binne de measte wepsen fuort!" Der fleane der noch wol in pear, en dy binne fansels gek op de bytsjes ranja dy't yn de bekers sitten bliuwe. Mar dêr hat de haadlieding in oplossing foar: alle bern spiele har beker om yn in grutte wetterbak, nei't se de ranja opdrongen hawwe. De Spulwike yn Easterwierrum kin lokkich gewoan trochgean, mar de wepsen dogge net mei!



It wepsenêst yn Easterwearum



Edwin Meester, materiaalman yn de haadlieding fan Weidum

Spulwike 2003 is mei mooglik makke troch:

Advertearders

- Rabobank

Notariskantoor Mr. G.S. vd Hem

Volumemarkt Tolsma

Leanbedriuw Okkema

Bouwbedrijf Frankena

Smids DesignStudio

Bootsma Bouwbedrijf BV

It Weidumerhout

Eppie Feenstra Schildersbedrijf

TC Plus automatisering

VOF S. Hempenius en Zoon

Autobedriuw Sypersma

Fa. J. vd Meer en Zn

Restaurant de vijf Sinnen

M. van Kammen Cateringservice

Sunfloor

Troefmarkt A & P de Jong

Theunis Bakker Metaalbewerking

Drukkerij van der Eems

Wildkamp

MvM Zonneweringen

Syb van Dijk Partijhandel

Leanbedriuw Frankena

ACR Winsum

Tapijt Stunter

Serbau

Tweewielers en Taxibedrijf De Jong

Hanzedruk BV

Bouwbedrijf D. Posthuma

Acro Textiles

Plus Ernst
- Franeker, Sneek, Heerenveen

Jorwert

Winsum

Easterein

Wommels

Franeker

Easterwierrum

Weidum

Baard

Winsum

Grou

Easterwierrum

Easterwierrum

Weidum

Oudkerk

Winsum

Weidum

Winsum

Easterein

Winsum

Winsum

Winsum

Wommels

Wommels

Wommels

Bolsward

Sneek

Leeuwarden

Mantgum

Stipers

- Stipepot

Anke en Anne

ALMAR Schilderwerken

Cafe de Haan (docht it foar de bern)

Germ Hallema Groente en Fruit

Architectenburo Syb C. Eldering

Boersma's Glês en Skilderwurk

Bloemsierkunst "de Kaardebol"

Elsbeth en Martin

P. Terpstra Consultancy

Transport Tamminga Weidum

Nico, Jacob-Kees, Arjen en Skelte

Studio Dyk

Klaas en Pieter Withandel BV

Duinker en Kloppenberg Tuinontwerpers

Drukkerij T'Anker

Dokter Paps Swarthandel

Douma's Timmer en Meubelfabriek

Jelle A

Cafe Het Wapen van Baarderadeel

It Winkeltsje

Pieter en Swannet Aldeboarn

Administratie - en assurantiekantoor Hettinga

Cafe Bonnema

Gebr. Vellinga

Joustra Branje

Triple-E Meubilair b.v.

Jakob Bakker

Car Repair and Paint Centre P&W

Kapsalon Sjoeke

Douwe Offringa Groente en Fruit

Materiaalsponsors

- Edwin Meester Theater techniek

Bocreana

Piebe Lite lighting design

JD Audiofacilities

Poiez supermarkten

Cheung Kwong

Hema
- Grou

Dearsum

Weidum

Reduzum

Sneek

Franeker

Franeker

Kolofon	Redaksje	Tsjerk Bottema, Tjerk Kooistra, Klaas Greidanus en Wybo Smids
	Lay-out	Wybo Smids
	Reporters	Tsjerk Bottema, Tjerk Kooistra en Klaas Greidanus
	Stipers	Sponsorkommisje
	Foto's	Tsjerk Bottema, Tjerk Kooistra, Klaas Greidanus, Wybo Smids, e.o.
	Oplaach	2000 stiks
	Printwurk	Drukkerij van der Eems
	Fasilitêre foarsjennings	Johannes Monsma
	Catering	Sytske Postma
	Klean	Acro-Textiles
	SMT-Karavan	Bocreana Caravans
	Belettering	Toute reklame
	Mei tank oan: Alle meiwurkers fan de Spulwike 2003 yn de doarpen Weidum, Easterwierrum en Easterlittens.	

Nije mikrofoanlju yn Easterwille

EASTERWIERUM - Wêr komme dy twa persoanen wei, dy't troch de mikrofoan prate yn Easterwierrum? Se fertelle dat se fia it ynternet út it fiere easten wei samar yn Easterwille telâne kommen binne! Soe dat echt sa wêze?

Arjen Schoustra en Ymkje Hettinga binne har nammen. Se dogge al jierren mei oan de Spulwike, mar hawwe dit jier samar in oare rol: de ien is mikrofoanman, de oare de mikrofoanfrou. Dat se nij binne falt nimmen op. De bern sjonge like hurd as oare jierren en raze krekt sa lûd as yn eardere jierren it gefal wie.

Arjen en Ymkje witte goed wat se oan elkoar hawwe. De ien sjongt wat moaier, de oar swetst wat mear. De ien is mear de grapmakker, wylst de oar it skema goed yn 'e gaten hâldt. Om koart te gear: Arjan en Ymkje foarmje in duo dat noch jierren en jierren mei kin!



Ymkje Hettinga en Arjen Schoustra

Maaike de Vries te wetter

WEIDUM - Wêr hie se it oan fertsjinne, dat freegje je je dochs wol ôf yn it gefal fan liedster Maaike de Vries út Weidum. Ynienen lei se midden yn it kikkerfeartsje, it blauwe drekfeartsje fan Weidum. De bern fûnen it prachtich, Maaike fûn it minder, al hold se har grut. Maaike is, doe't se ien kear út 'e feart krûpt wie, ek mar eefkes nei hûs

gien om in dûs te nimmen. Dochs koe dy dûs de geur fan blauwe drek foarearst noch net ferdriuwe. It yn de feart goaien fan Maaike wie in inisjatyf fan Arjan de Koning, haadlieder yn Weidum. It is de fraach wat him noch te wachtsjen stiet, want Maaike woe eins wol wraak nimme, sa hat se ús ferslachjouwer ta-fertroud.....



Maaike de V(r)ies

Rikjende wûnderlampe en draak yn Easterlittens

EASTERLITTENS - Lykas yn alle doarpen begûn ek yn Easterlittens de 31ste Spulwike op moandei te moarn om 9:00 oere. Alle lieders wiene yntusken op it terrein by elkoar kaam, doe't de earste bern it fjild al oprûnen. Ek yn Littens wie it tema "It Fiere Easten" prachtich útylde. Ut in rikjende lampe dy't op it poadium opsteld stie, kaam de Littenser mikrofoanman Lieuwe Hoekstra út in Easterske wûnderlampe te foarskyn, dêr't er neffens de ferhalen trije jier yn sitten hie..... Mar net nei't twa moedige Littenser bern it oandoard hiene om oer dy lampe hinne te wriuwen. Mar dêr wie it noch net mei ôfrûn: in grutte draak kaam de arena yn Littens yn rinnen. No doarden de bern it wol oan om dit bist fan wat tichterby te besjen; Lieuwe frege om tsien bern dy't op de draak wriuwe moasten, mar no kaam der ynienen in hiele mannichte bern oansetten. Ut 'e bek fan de draak kaam nei moai wat rikkerij en geraas dy oare mikrofoanman fan Littens setten, Jelle Wierenga.

De binnenkomst fan rom 200 bern is alle jierren wer wat spesjaals. Nei it bekend meitsjen fan de groepsnammen mochten de groepkes it doarp wer yn om har lieders op te sykjen. Lykas altyd hat it iene groepke dat earder foar elkoar as it oare groepke; de iene lieder kin him fansels ek better ferstopje as de oare. Om alve oere hinne kamen de bern wer werom op it fjild, dêr't se ranja krigen en dêr't begûn waard mei it bouwen fan de tinten. De lieding helle de boumaterialen (lykas ferve en seil) op en de jongerein makke yn no time in echt tintekamp fan it sportfjild. De tiid flijocht om as jo dwaande binne en it wie dan ek samar wer tiid foar ranja en in hapke iten. Yn de tuskentiid moasten de groepkes har foar de tinten opstelle om op de foto setten wurde te kinnen. Deselde foto dy't de bern tongersdei allegearre mei krije sille. Ek middeis wie der wer in hiel skala oan aktiviteiten tarieden, yn it ramt fan "It Spul om de Timpel hinne". Alle groepkes giene wer it doarp yn, dêr't de meast útienrinnende spullen dien waarden. Toulûke, blikje goaie, en fansels de nedige wetterspultsjes. De bern wiene opdield yn in reade en in giele groep. De iene groep draaide linksom, wylst de oare rjochtsom troch it doarp draaide. Dat klinkt yngewikkeld en dat wie it ek, mar dochs kamen alle groepen om trije oere hinne it sportfjild wer op. Dêr waard noch songen en feest fierd mei in polonêse. Spitigernôch wie it doe wer tiid om nei hûs te gear. De earste dei wie wer efter de rêch, mar der soene der noch trije komme!

Goede ûntfangst yn Easterwille?



Lieding wachtet op de bern

Krekt bûten Easterwille set ik myn auto oan 'e kant, want jo meie fansels net belje wylst jo oan it riden binne. Myn baas bellet út de SMT-caravan. "Hoe is de ûntfangst dêr?" Ik antwurdzje him dat ik him hiel goed ferstean kin, dus dat de ûntfangst fan myn mobile tillefoan (it berik) goed is. "Nee, sûch!", raast myn baas, "Ik bedoel fansels hoe't ûntfangst fan de bern op it fjild ferrint!"

Gau ryd ik (net te hurd fansels), nei it fjild. Ik hear de ferskes yn de fierte, ik sjoch de kleure shirts al fier efter de beammen wei. It sjocht der sa feestlik út op it fjild. De bern, de lieders en elkenien hat der sin yn, dat sjoch ik oan de gesichten. Nei har de longen út it liif songen te hawwen, dogge de groepkes spultsjes op it fjild. By elk ûnderdiel fertsjinje se materialen dêr't se letter tinten mei bouwe moatte. Seil, latten, balonnen en folle mear goed krije de groepkes as se de opdrachten goed dogge. Al hiel gau kinne de measte groepen begjinne mei it tintsjebouwen. En wat binne it dit jier flinke groepen! Yn in hiel rap tempo steane de hege tinten. Wat binne se heech en wat binne se moai! Alle 22 groepkes hawwe it folle hurder klear as de haadlieding ea tinke kinnen hie.

Dochs fertrou ik it net alhiel en beslút de tinten mar ris te tellen. En wat docht bliken? Der binne mar 21 tinten. Ien groep hat fals spile en ik fertel dat. Dan laket elkenien my út. Der binne nammentlik twa groepen dy't ien tinte makke hawwe, in hiele grutte foar beide groepen!

Arjen en Ymkje, mikrofoanman en frou yn Easterwille, fertelle de bern dat sy de measte tinten moai fine, útsein dy fan lieder Albert. Lokkich hoecht hy mar ien ballon der by te hingjen, en dan is it klear. Dan belje ik myn baas om him te sizzen dat de ûntfangst goed wie yn Easterwille. Poerbêst!



Alle bern binne der, wy kinne los

Ferkearsopstopping op sjippehelling, lakt Sabine har teanneilen?

WEIDUM - Yn Weidum belibben de bern op moandei in spektakulêre middei; de ferskillende groepen moasten tsjin elkoar stride op in hindernisbaan, en dy wie net foar softys.... Earst moasten de Weidumer Spulwikegongers ûnder in meters lang net hinne krûpe. Alhoewol't jo ferwachtsje soene dat der dochs wis in pear bern tusken de mazen fan it net hingje bliuwe soenen, giene alle groepen der as in spear ûnder troch. Mar it net wie noch mar it begjin. Want nei it net, rize der in hege sjippehelling foar de bern op, dy't sy op klauterje moasten troch har oan in tou omheech te lûken. Mar dat falt noch net ta as je de griene sjippe tusken je teannen glydzjen fiele. Dan is de wei nei ûnderen dochs in stik makliker..... Dêrby moatte je der lykwols wer om tinke dat je net tsjin oaren oan botse, of dat der in soarte fan ferkearsopstopping op de sjippehelling plakfynt. Wa't de sjippehelling sûnder kleanskuorren oerlibbe hie, koe fuortendaliks troch de knibbels om tusken striepakken troch en ûnder kuilplestik de wei nei it deiljocht wer werom te finen. It folgjende ûnderdiel fan de hindernisbaan wie krekt wat foar de jonges en famkes mei grutte spierballen en stevige skonken: in trekker-lûk-race. Der stiene twa grutte trekkers op it fjild opsteld, mei dêr oan fêstbûn in grut en dik tou. De groep dy't de trekker as earste de streep oer wist te lûken , wie de winner fan dit spul. Je soene sizze dat je nei sa'n hindernisbaan wol wat rêst brûke kinne; sjippebanen, trekkerlûkerij en soksoarte fan saken geane jo ommers net yn 'e kâlde klean sitten! Mar de bern fan de groepen sân en acht yn Weidum beskikke oer in wol hiel grut úthâldingsfermogen; der wiene groepen by dy't de hindernisbaan wol trije kear namen. Dat se noch net in fjirde kear dyselde baan namen, wie allinne mar omdat Nico Hettinga, de Weidumer mikrofoanman, it folgjende spol oankundige: it knock-out-spul. Yn 'e midden fan 'e Spulwike-arena yn Weidum wie in line spand. Nico, dy't op it poadium stie, lies ferskillende fragen foar, dy't de bern mei "ja" as "nee" beântwurdzje moasten (dat wie trouwens net it iennige dat Nico die; hy sei ek noch wol ris wat foar). No moatte jim net tinke dat de lieding der by dit spol maklik fanôf kaam. Nee, sy waarden faak ynset; sa moasten lieders Bauke de Vries en Hindrik Kingma bygelyks mei de kop yn in amer wetter... De bern moasten riede wa fan dizze twa hearen it langste de adem ynhâlde koene. Uteinlik wie it Hindrik dy't as earste syn holle út 'e amer wetter wei luts. De bern dy't op Bauke wedde hienen en oan 'e goede kant fan 'e line stienen, koene dus stean bliuwe en de oaren moasten har plakje yn de Weidumer arena wer opsykje. Dan liedster Sabine Dijkstra. Neffens Nico soe sy noch al idel wêze. De bern moasten riede oft dy idelheid by har sa fier gong dat se ek har teanneilen lakte. Dat wie net sa; sterker noch: út 'e skuon en sokken fan Sabine kamen in pear net al te skjinne en net al te fris rûkende fuotsjes te foarskyn..... No moasten de bern dy't wedde hienen op kreas lakte teanneilen dochs it fjild romje. Carlo Booms (Hidaard) kaam by eintsjebeslút as winner út 'e striid te foarskyn. De groep fan Claas Frankena en Sabine Dijkstra ("De Ali Babba's en de 12 rôvers") wie nei it berekkenjen fan de skoare de winner fan de dei.

Ynterview Wytse van der Schaar: “Arjen de Koning moat ek de feart yn”

WEIDUM - Wytse van der Schaar (12) út Wommels fynt de earste dei fan de Spulwike “geweldigch”. Wytse docht foar de twadde kear mei yn Weidum. Dêrfoar die er al ris yn Easterwierrum mei. Syn groepke (“De Chiwawa’s”) docht it oars ek mar goed: “Wy hawwe hjoed twa kear wûn en ien kear ferlern.” Wytse fynt benammen de sjippehelling “te gek”. Dat liedster Maaike de Vries troch in stel fan har kollega-lieders de feart yn goaid waard fynt Wytse eins wol wat sneu, al moast er ek wol laitsje doe't Maaike te wetter rekke en ûnder de blauwe drek de feart wer út krûpe moast. Mar wat moat der neffens Wytse no barre mei haadlieder Arjen de Koning, dy't op it idee kommen wie om Maaike de feart yn te smiten? “Arjen moat ek de feart yn,” seit Wytse resolút.



Wytse van der Schaar

Sineeske beskriuwings bringe Spulwike-bern nei twadde lieder

WEIDUM - Yn Weidum binne de groepkes mei bern wat grutter as yn de oare doarpen; der sitte al gau fyftjin bern yn in groepke. It is dan ek net ferwûnderlik dat elk groepke oer twa lieders beskikke kin. De earste lieder krigen de groepkes bern kado doe't se de Weidumer arena yn rûnen. Oer in twadde lieder koene de groepkes lykwols noch net beskikke; dy wie yn gjin fjilden of wegen te bekennen. Wat wie der no oan 'e hân? De lieders hiene har yn it doarp ferstoppe. It finen fan de twadde lieder wie sa ienfâldich noch net. Oan de hân fan trije beskriuwings yn it Sinees (skuonmaat, berop, hobbies [Andrys Weitenberg: ballet])fan de oare lieder fan har groepke, moasten de bern op syk. Dat sy dêrby ek by de âlderein yn Nij Dekama del giene, wie eins net hielendal de bedoeling, mar goed, jo moatte alles besykje no? En Sinees is ek net sa maklik. Yn groep sân en acht stiet Ingelsk al wol op it program, mar Sinees oant no ta noch net. In boerd mei in Fryske oersetting fan de Sineeske karakters yn de Weidumer arena holp al en úteinlik fûnen de bern yn rekordtiid har twadde lieder. Dêrnei wie it fersieren fan de arena oan bar, en dêr hawwe de bern har aardich op útleefd. Mei in rôle tape kinne jo ek ynteressante dingen dwaan, sa die bliken: der binne nammentlik dy moandei te moarns in tal tape-mummy's sinjalearre.... Dêrnei waarden de jokers, dy't de bern fan moandei ôf de hiele wike in kear ynsette koene, fan kleur foarsjoen. Wylst dat allegearre geande wie, kamen de twa fotografen fan it mediateam del, dy't de bern in kear digitaal en in kear op 'e âlderwetske wize op 'e foto setten (de foto's binne no op www.spulwike-littenseradiel.nl) te besjen.

Spultsjemiddei Easterwierrum tige slagge

EASTERWIERRUM - De spultsjes troch it doarp yn Easterwierrum rûnen as in trein. De hiele middei songen, raasden en boarten de bern fan groep 3 & 4 by it parkoers del. Uteinlik fertsjinnen alle groepen inkelde wurden foar de spreuk, dy't de bern tiisdeis oplosse moatte. Eefkes like de donkere loft tsjin te wurkjen, mar lokkich foel de rein pas nei de spultsjes.



Bern yn aksje yn Weidum

Thys rêder yn need

EASTERWIERRUM - Elkenien dy't ea meidien hat oan de Spulwike, wit dat je oan de ein fan de wike in foto yn in moai listke krije. Fansels bart dat ek alle jierren yn Easterwille. Mar fan it jier gie it hast oer... Tusken de middei wiene der twa fotografen op it fjild. Jawis, it wiene der twa. De iene makke de foto's sadat wy dat al jierren dogge: op in rôltsje. De oare makke se digitaal, foar op it ynternet. Elkenien kin nammentlik de foto's fan alle 104 (!!) groepen, ferdield oer trije doarpen, besjen op www.spulwike-littenseradiel.nl.

Yn Easterwierrum wiene der lykwols wat swierrichheden. Doe't krekt wat mear as de helte fan de groepen op de foto stie, wie nammentlik it rôltsje fol. Op it stuit dat elkenien tocht dat der fan it jier gjin foto's mear makke wurde soene, wie dêr ynienen Thys, rêder yn need. Sa gau as er koe, kaam er mei in rôltsje oan setten. Sa soarge hy derfoar dat alle groepen op de foto kamen en op tiisdei mei in prachtich listke nei hûs kinne. Alwer goed ôfrûn!



Fotograaf oan it wurk

Webmail

“Hoi ik bin Janneke. Ik doch foar de fjirde kear mei oan Spulwike en ik haw in fraachje. Wêrom stiet de thússide noch altyd op 'Noflike krystdagen en in lokkich nijjier?’”

“Janneke, ast no sjen silst dan sjochst dat er wat feroare is!”



M. Van Kammen Cateringservice
Rhaladyk 10 - 9064 DD OUDKERK

Tel: 058 - 2563436 Fax: 058 - 2563758
Internet: www.mvankammen-cateringservice.nl

S.Hempenius & zn



De Muldijk 6
9001XV GROU

Tel: 0566-624736
Fax: 0566-624736

TROEFMARKT

Het hart van de buurt!

Troefmarkt A & P de Jong

Sanpaed 8 - 9024 EC WEIDUM
Tel: 058 - 2519616



* Nieuwe en gebruikte merkfietsen
* Luxe- en huishoudelijke artikelen
* Speelgoed en schrijfwaren
* Gereedschappen
* Werkkleding en schoeisel

* Tuinartikelen
* Veehouderijbenodigdheden
* Kleinvoeders en accessoires
* Verf en Hout
* Schaatsen

ACR

Kleasterdyk 46
8831XC Winsum
Tel 0517 341556
www.acrwinsum.nl

DE WINKEL VOOR ALLES

ZONWERING

SunFloor

zonwering & vloeren

Groningerstraatweg 42
8921 TR Leeuwarden

T: (058) 213 75 52
F: (058) 215 85 40
E: info@sunfloor.nl
I: www.sunfloor.nl

VLOEREN



Postadres:

Postbus 271

8901 BB Leeuwarden

Bezoekadres

Harlingertrekweg 85

8914 AV Leeuwarden

TEL: +31(0)58 2124135

FAX: +31(0)58 2125054

E-MAIL: info@acro-souvenirs.nl

Het is tijd voor een eigen rekening.

Heeft u kinderen tussen de 5 en 11 jaar? Dan is er nu de Rabo Topkid Rekening. Uw kinderen kunnen er zelf geld op storten. En het er samen met u weer afhalen. Ook krijgen ze eigen rekeningafschriften, met een bijbehorend mapje. Open vandaag nog een Rabo Topkid Rekening en ontvang een leuk cadeau voor uw kind.

Het is tijd voor de Rabobank.

Rabobank

Drukkerij van der Eems

zit in

Easterein

en ook in

Bolsward

drukkerij van der eems

Sibadawei 20 • 8734 HE • Easterein • Tel. 0515 331306 • Fax 332697

'Het Witte Boekhuis' • Nieuwmarkt 7-9 • 8701 KK Bolsward • Tel. 0515 575005 • Fax: 0515 576625

Wêr binne de foksen, wa jaget?

EASTERLITTENS - Myn baas yn de karavan belle my lykas alle dagen. "Tjerk, jonge, myn sjoernalist, do moast eefkes nei de 'foksejacht' yn Littens ta. Ik woe noch sizze dat ik bêst in bytsje benaud bin foar foksen, mar dat doarde ik eins ek net ta te jaan tsjinoer myn baas.

Yn Littens oankaam, seach ik allegearre Spulwikebern dy't sûnder lieder troch it doarp toffelen. Fierder seach ik allegearre nuver oanklaaide minsken yn it doarp. Nijsgjirrich as ik bin, woe ik har freegje hoe't dat no siet, want ik moast ommers ferslach dwaan fan de foksejacht. Wêr't ik ek seach, wêr't ik ek rûn, ik seach allinne bern en dy nuvere minsken, mar gjin inkelde fûks of jager. Dan mar oan wat bern freegje. "Witte jim miskien wêr't de foksejacht is?," freegje ik oan Martzen en Ynte. "Do makkest in grapke, do bist sels in fûks!", antwurdsje de beide. "Ik bin sjoernalist", siz ik en se sjogge op har briefke. "Dy stiet der hielendal net op, do bist de bonus seker?" Ik beslút mar gau nei myn baas ta te gean.

"Sorry, baas, ik koe gjin foksen fine en ek gjin jagers"
"Ik haw ek neat oan dy, dan moat ik sels mar wer. Do moatst foar straf de karavan himmelje, fan binnen en fan bûten."
"Oké, baas, sil ik dwaan"
In oere letter komt myn baas werom. Hy sei dat de lieders ferklaaid wiene; sy wiene de foksen! De groepkes moatte harren fine en binne dus op jacht nei de foksen: foksejacht. OH!



Is dit dan miskien in foks?

Bern Easterwierrum sjogge geast

EASTERWIERRUM - Oan de ein fan de lêste dei foar de bern yn it doarp Easterwierrum wie der eefkes panyk ûnder de lieding. De fotoliskes wiene nammentlik nearne te finen. Hoe moast dat no oplost wurde? It die bliken dat de bern de kop der better by hiene as de lieding; sy kamen nammentlik op it idee om fan de Sineeske wurden dy't sy yn de wike sels sammele hiene, in sin te meistjen: "Foe Yong Hai, Tjap Tjoy en Rijst, wy wolle ús fotolijst!" Alle bern tagelyk raasden dizze sin mei elkoar keihurd út en doe barde it ûnwarskynlike: út in hiele grutte flesse kaam in geast te foarskyn. Hy fertelde dat er 180 jier lyn foar it lêst út 'e flesse kommen wie en dat er de flesse no lang genôch fan binnen sjoen hie. Lykas by alle geasten dy't út flessen wei komme, mochten ek de bern yn Easterwierrum in winsk dwaan. Fansels wisten de bern wol wat se winskje moasten. Se woene stomme graach har fotoliske hawwe, dé neitins oan de Spulwike. De geast wie lykwols ek net op syn efterholle fallen. Hy sei de bern ta te fertellen wêr't de fotoliskes te finen wiene, op foar-wearde dat er net wer werom de flesse yn hoegde. De geast koe syn tasizzing wier-meitsje; lokkich krigen dochs alle bern de foto dêr't se sa nei útsjoen hiene. De geast, dy't net wer werom de flesse yn hoegde, makke him gau út 'e fuotten. De Spulwike-bern yn Easterwierrum binne nei alle gedachten de lêsten dy't him sjoen hawwe.



De geast mei de fotoliskes

Easterwierrum spielt fuort

EASTERWIERRUM - It begûn sa moai op tiisdei. Hast alle bern wiene werom kaam om ek de twadde Spulwike-dei mei te meitsjen. Spitigernôch wiene der lykwols twa bern ôffallen. Foar ien hie de earste dei al safolle enerzjy koste, dat er net mear by steat wie om der op de twadde dei ek wer by te wêzen. De oare hie safolle lêst fan de ankel dat in twadde Spulwike-dei der net mear yn siet. De bern dy't der al by wiene, swaaiden as earste har heiten en memmen út, dy't der fansels net de hiele dei by hoege te wêzen. Nei de sjongerij wêr't alle bern wakker oan meidiene, gie it program fierder mei spultsjes op it fjild. Tsjin de foarspellings yn , wie it dochs prachtich waar. De wetterspultsjes koene dus trochgean. Mar wêr't fan it begjin fan de dei ôf elkenien benaud foar wie, barde ek. It waar sloech om en om in oere as healwei tolven foel it reinwetter ynienen mei bakken út de loft. Alle bern draafden gau nei har sels boude tintsjes om tassen en klean op te heljen, om dêrnei fuortendaliks troch te gean nei de grutte kleure Spulwiketinte. Dêr stiene ranja en broadsjes klear. Dat joech de bern wer nije enerzjy, sadat der wer fleurich songen wurde koe. Want in bytsje rein kin de Spulwike fansels net bedjerre. Foar de lieding yn Easterwierrum betsjutte it minne waar al dat der it program aardich omgoaid waard. Om alve oere hiene hja noch besluten om it spul yn Wieuwerd trochgean te litten, mar troch de buien waard de lieding der no dochs ta twongen om it middeispul yn de gemeentlike opslach yn Mantgum op te bouwen. Fansels wie der wol in min waar program tarieden , mar as jo sa'n spul sa rap ynienen noch opsette moatte, freget dat al wat fan jo ymprovisaasjefermogen. De wekkere Wierrumer lieding hie gemeenteloads lykwols yn in sucht en in skeet bernfreonlik makke, sadat de bern nei Mantgum brocht wurde koene. It ferfier fan de bern barde mei fiif trekkers en weinen; in hiele optocht dus. In soad spultsjes wiene opboud yn in relatyf lytse romte. De bern diene spullen lykas “Trije Japanners is tefolle” (in soarte fan tikspul), blikje goaie, in klean-estafette, sekje rinne, en spûnsen opheine dy't mei in katapult fuort sketten waarde. De bern hiene der in soad skik yn en liken it minne waar al wer fergetten te wêzen. Om kertier oer fjouweren hinne wie it tiid om wer werom te gean nei Easterwierrum.

De hiele kliber kaam om healwei fiven hinne oan en waard nei de âld skoalle ta loadst. Dêr koene de bern lekker ite fan pankoeken dy't bakt wiene troch de heiten, memmen en oare frijwilligers. Dêrnei koene bern en lieding begjinne mei smynken en ferklaaien, om har ta te rieden op De Grutte Optocht troch it Doarp. Om healwei sânen hinne wie it safier en gie de optocht fan start. De waargoaden hiene it no al goed foar mei de Spulwike, want mei de optocht bleau it droech. De bern wiene út 'e skroeven en der waard wakker songen en dien. It útdielen fan de fotoliskes troch in geast út de flesse wie de lêste aksje foar de bern yn Easterwierrum. Dêrnei mochten se allegearre nei hûs; de lieding koe him wer tariede op de nije groep bern, dy't de woansdeis komme soe.

Bern en lieding sykje droech ûnderkommen

De earste kear fan Bas

Ik bin der út. Ik wol letter net seis bern hawwe. Net om it ien of it oar, mar dat hâlde je gjin trije wiken fol. Foar fjouwer dagen yn de Spulwike is it noch te dwaan, mar dan meie jo se oan de ein fan de dei wer ynleverje by de âlden . Jo eigen bern kinne jo net ynleverje by oaren. Dat “ynleverjen oan de ein fan de dei” jout lykwols in bytsje in dûbel gefoel. It binne skatten hear, stik foar stik, mar dochs fielt it of falt der in lêst fan dyn skouders as se wer fuort geane. Mar op de twadde dei krige ik in hiel oar gefoel: ik krige net mear de rare blikken fan Erwin, ik krige Sportlife fan Gerben, en ik koe ynienen ek rekkenje op de ûnfoarwardelike stipe fan Marloes en Femke (de bern yn myn groepke). Mist se sawier ek noch in bytsje. Lokkich stiest lykwols net allinnich en hast dat fantastyske team fan kollega's om dy hinne, dêr'st de tiid op in machtich moaie wize mei trochbringe kinst. Hjirby wol ik alle lieders fan Easterwierrum graach tank sizze. Ien fan de saken dy't jo wol opfalle as jo foar de earste kear oan de Spulwike meidogge, is dat de ynset fan alle lieders sa grut is. Alle dagen geane se der wer foar; se libje yn in roes. Sa haw ik de Spulwike ek belibbe. Ik wie sa mei de spultsjes en de bern oan 'e gong dat ik seis kear op in dei de bekera fan dyselde bern by de spullen lizze liet. Der falt safolle fan te sizzen, oan de ein fan de wike rint de holle dy oer fan de yndrukken, en dyn tinzen geane wer werom nei dy typyske Spulwike-Easterwierrum-mominten: sjonge mei Jurre-Jan en ballonnen traapje mei Theo. Hiest der by wêze moatten. En sa is it! Holle Bolle Tsjing!

Bas Molenberg



Rein skopt Spulwike-programma's yn 'e war

EASTERWIERRUM/WEIDUM/EASTERLITTENS - Wylst de dei sa moai begûn, koe it, sjoen de waarsferwachting net útbliuwe. Heftige reinbuien soargen derfoar dat der yn alle trije Spulwike-doarpen it min waar program fan krêft waard. Yn Easterwierrum waarden de spultsjes ferpleatst nei de gemeentlike opslach yn Mantgum en yn Weidum (doarpshûs) en Easterlittens (De Jister) waarden de films Abeltje en Harry Potter en de geheime kamer fertoand. De sportfjilden leine der yn alle trije doarpen ferlitten by. De SMT-karavan, dy't de hiele dei yn Easterwierrum stie, wie it iennige oerbleaune teken fan libben op it fjild.

Bern drave har de longen út it liif by kaartsjerinspul

WEIDUM - “Hollebolletsjing,” raasden 170 bern yn koar. Sy wiene yn alle gefallen de tiisdei te moarns al útsliept. De lieding yn Weidum koe it rêstiger oan dwaan, want it kaartsjerinspul stie as earste op it program, in estafette wêrby't jo ek noch wat leare. De bern draafden fan de iene kant nei de oare kant fan it fjild; by de lieder oan de oare kant fan it fjild krigen sy in fraach foarlein, dy't fansels alhiel yn it tema, “It Fiere Easten”, paste. Hoefolle rôvers hat Ali Babba? Of hoefolle karakters telt it Sineeske alfabet? Wat draacht in sultan op syn holle? Wisten de bern de fraach net daliks te beântwurdzjen, dan mochten sy werom drave nei de oare kant fan it fjild om yn konklaaf mei de oare bern fan har groepke de goede oplossing te finen. En dan fansels wer werom nei de lieder oan de oare kant fan it fjild, om te hearren oft sy it goede antwurd fûn hiene. Wie dat net it gefal, dan moast der bygelyks toutsje sprongen wurde. Benammen net alle jonges hiene dêr like folle talint foar. Nei it toutsje springen mochten de bern noch ris mei elkoar oerlizze om it goede antwurd te finen. Wisten sy de fraach dan noch net te beântwurdzjen, dan waard der wer in oare sanksje oplein. De hiele groep moast dan fan de iene kant nei de oare kant fan it fjild bokjespringe. Der wiene ek hiele groepen bern oan it bokjespringen; ek sa'n sanksje dy't je oplein krije as je in fraach by it kaartsjerinspul net goed witte te beânderjen. Fansels koe der by dit spul ek wer in joker ynsetten wurde. De groepen De Loempia's, De Chihuahua's en De Vliegende Tapitjies hiene dat dien; de punten dy't dizze trije groepen by it kaartsjerinspul behelle hienen, waarden oan de ein fan de dei by it opmeitsjen fan de skoare ferdûbele. As winner út 'e striid kamen úteinlik de Timboektanen.

Tiisdei te moarn: sinneskynwaar!

WEIDUM - De measten fan harren docht al jierren as lieder mei oan de spulwike. It binne allinne mannen, dy't graag wurk fersetste. It is de survivalskommisje fan Weidum. It is in snein yn de lêste wike fan maaie. Acht mannen sitte yn in tún, earne yn Weidum. Se prate oer de ynfolling fan de tiisdeis fan de Spulwike yn Weidum, se hawwe it oer de survival. “De survival is dochs de reamme op de taart”, fertelt foarsitter A.D. Talsma grutsk. “Alle jierren freegje de bern al op de moandei te moarns wannear't it spektakel plakfine sil”. De survival makket blykber yndruk op de bern. De komisje is der gau oer út fan it jier. “Om't it ferline jier net trochgean koe, yn ferbân mei it minne waar, kinne wy it idee fan ferline jier kopieare.” Dan pakke se it program fan 2002 derby en feroarje it ien en oar, en sa stiet der yn in mum fan tiid in parkoers op papier. “Mar dat is fansels net it measte wurk”, fertelt kommisjelid Andrys Weitenberg. “It tarieden en klearsetten is de grutste put en dat kin pas de moandeis yn de Spulwike.” Dy bewuste moandeis binne de ferwachtings striemin foar de oare deis, foar de survivaldei. “Dochs sette wy it klear en wy hoopje mar op moai waar”, fertelt de foarsitter de lieding mei it deistige it deilксе neipetear. Dy middeis en jûns set de komisje en inkelde oare frijwilligers it parkoers fêst klear. Jûns mije se allegear it gespreksûnderwerp ‘waar’.“Dat hat no gjin sin mear,” neffens Andrys: “wy sjogge it wol.”

Tiisdei te moarn, krekt sân oere west. Sinneskynwaar! Soe de sinne dan dochs de striid winne fan de wolken en de rein? Of stekt sy ús de gek eefkes oan en ferdwynt se dan foarearst efter de wolken? “Wy sjogge it wol om 10.45, as de survival begjint”, relativearret kommisjelid Pier de Vries.

Min waar yn Littens: Sinnige beamer & Harry Potter



Littenser bern sjogge Harry Potter

EASTERLITTENS - De foksejacht yn Easterlittens wie in grut súkses; it wie dan ek de hiele moarn sinneskyn waar (sjoch ek earne oars yn dizze krante). De middeis om healwei ienen soe dan einlinks de survival fan start gean, dêr't sawol de bern as de lieding bot nei útsjoen hiene (út betroubere boarnen hawwe wy fernaam dat dit programma-ûnderdiel benammen Jelle Wieringa syn favoryt wie). Mar it needlot beslute oars yn Littens: op it momint dat de trekkers klear stiene en de survival oangean soe, kaam it wetter mei bakken út 'e loft wei. Der wiene noch in pear moedige lieders en bern dy't ûndanks it needwaar de oerlibbingstocht dochs trochsette woene, mar it koe écht net. Dêrom waard it min waar program út 'e kast helle: Harry Potter en de geheime kamer. De ferhalen fan bern dy't nachts foar de boekhandel yn sliepsek lizze te wachtsjen op it ferskinen fan it nijste Harry Potter-diel binne nei alle gedachten al wier, want de bern yn Littens sieten ademleas nei de Potter-film te sjen. It hie lykwols al wat fuotten yn de ierde foardat Harry syn yntrede yn de Littenser sporthal dwaan koe; de beamer dy't ien en oar mooglik meitsje moast, fertoande nammentlik noch al wat kueren. Der kaam reek út en it apparaat fielde suver hyt oan. Eefkes wie de Littenser lieding yn 'e stress, mar it die bliken dat in iepen doar wûnderen die. Mei de bûtenloft yn 'e rêch hie de beamer der al nocht oan.



Bokjespringe yn Weidum

Webmail

De Webmail is in webside dêr't de leden fan de Spulwike har e-mail postfoarm brûke kinne. De webside is in webside dêr't de leden fan de Spulwike har e-mail postfoarm brûke kinne.


"Hoi, ik bin Michiel en ik doch yn Weidum mei. Ik wol wat sizze. Sorry dat ik de stekker út jim karavan luts, mar it moast fan Edwin. Sorry."

"*Michiel, goed datsto dyn ferûntskuldigings oanbiedst. Foar ús wie it ferskriklik bale dat wy al it wurk fan woansdei kwyt wiene. Dus it soe wol moai wêze as tenei earst ris neitinkst foardatst wat dochst."*





Mear foto's kinne jo fine op www.spulwike-littenseradiel.nl



Syb van Dijk

Partijhandel Friesland

Doordachte produkties

Kleasterdyk 40
8831XC Winsum

tel. +31 (0)517 342569
fax +31 (0)517 341499




- * hotel
- * camping
- * eetgelegenheid
- * kanoverhuur
- * passantenhaven
- * trailerhelling

www.weidumerhout.nl

Weidumer Hout

Dekemawei 9 - 9024BE Weidum - (058) 251 9888

Een franse knipoog naar het Friese Platteland



bootsma
bouwbedrijf b.v.

Doarpsstrjitte 8
9021 CL Easterwierrum

Tel. (058) 250 13 25
Fax. (058) 250 14 15

Fa. J. van der Meer & Zn v.o.f.
Doarpsstrjitte 21, 9021 CK Easterwierrum, 058-2501328

Voor vakkundige aanleg, advies en onderhoud van:



verwarming - cv
waterleiding
sanitair
gasleidingen
elektra
zinkwerk
rioleringsinstallaties

Verder kunt u bij ons terecht voor:

- ✓ grote en kleine huishoudelijke apparaten
- ✓ fietsen incl. onderdelen en accessoires
- ✓ audio en video apparatuur
- ✓ tuingeredschappen

**THUIS IN
TECHNIEK**

- Leidsystemen
- Slangen & koppelingen
- Berekening
- Pompen
- Elektra

- Sanitair
- Verwarming
- Bouwproducten
- Agro & tuin
- Persoonlijke bescherming



Bel voor gratis
catalogus!!

www.wildkamp.nl

Houdkamper: Luthen (06) 1, Tel.nr. 0523-682099

St. Michaelsberch 2, Winsum (Fr.), Tel.nr. 0517-342330

Geen geld voor Windows?

Koop Lindows.

(Linux in een windows jasje)

Lindows.com
Authorized Reseller



TC Plus automatisering sponsort de Spulwike omdat de toekomst bij de jeugd ligt. Sponsoring van mr. Gates? Bespaar en koop Lindows!

Boordevol met mogelijkheden, veel software, uitwisselbaar met Word en Excel.

TC plus
BEDRIJFSAUTOMATISERING

TC Plus Tsjerkebuorren 3 8831 XH Winsum
t 0517 34 24 00 e info@tcplus.nl www.tcplus.nl



Volumemarkt Tolsma Winsum

Tel. (0517)34 16 69 Fax (0517) 34 16 17

Complete supermarkt met:

Versafdelingen


slagerij - groent & fruit - vleeswaren - kaas - brood

Verkoop drogisterij-artikelen / - geneesmiddelen

PTT agentschap + mogelijkheid geldopname

Bloemen en planten

Wij heten u van harte welkom.



Plus Ernst

De Dobbe 1

9022 BE MANTGUM

Tel: 058 - 2501493

Fax: 058 - 2501177

Web: www.plussupermarkt.nl

piebe lite

www.piebelite.nl

Idzerdaleane 7 9024 EE WEIDUM

Telefoon +31 (0)58 2519520

e-mail info@piebelite.nl

notariskantoor

Mr. G.S. van der Hem

Sluytmanwei 25 9023AB Jorwert

tel. 058-251 9441 fax 058-251 95 75



Boargemaster Liemburg ûnder yndruk fan SMT-karavan

WEIDUM - Tusken healwei tsienen en tsien oere stie frou Johanneke Liemburg, boargemaster fan Littenseradiel, ynienen foar de SMT-karavan. It wie de fjirde kear sûnt sy begûn as boargemaster yn Littenseradiel dat sy de Spulwike oandie, mar soks hie se noch net earder sjoen. Frou Liemburg wie danich ûnder yndruk fan ús profesjoneel belettere en ynrjochte mobile redaksjelokaal. Dêr stiet dan ek hiel wat: twa kompjoeeters, trije byldskermen, in scanner, in printer, ensfh. En dan fansels noch it SMT-team, besteande út fjouwer man. De boargemaster beseach in earste ferzje fan de moandeisside fan dizze krante en joech fuortendaliks oan de folsleine krante sneon graach te ûntfangen. Yn alle gefallen wie sy woansdei troch de berjochtfjouwing fan it SMT wer aardich op 'e hichte fan datjinge dat der yn de foargeande dagen yn de Spulwike-doarpen allegearre bard wie. Op ús fraach oft sy ek wat oan it minne waar dwaan koe, antwurde de boargemaster dat it waar net yn har portefeuille siet, mar dat sy de oanbelangjende wethâlder der op oansprekke soe. Wy hoopje dat sy him foar de ein fan de wike te pakken krijt. Op it stuit dat frou Liemburg yn Weidum del kaam, wiene de bern krekt dwaande mei it bouwen fan dekors en attributen foar de toanielûtfierings fan de middeis. Frou Liemburg wie benammen te sprekken oer it wurk fan in groepke mei de namme “De Timboektoe's”, dat oan 'e gong wie mei it opbouwen fan in eigen “Timboektoe-bar”. Ien fan de Spulwikegongers yn Weidum hie har trouwens earder al witte litten dat er dwaande wie mei wat “stoms”. Dizze sjoernalist is benijd wat dat wêze kinnen hat, mar koe spitigernôch net lang genôch yn Weidum bliuwe om te sjen hoe't wat “stoms” der dan útsjocht. De boargemaster soe nei Weidum noch nei de Spulwike yn Easterwierrum en dêrnei nei de Spulwike yn Littens.



Boargemaster besjocht earste proefdruk

Ynterview mei mikrofoanman en Spulwike-crack Jelle Wierenga: “Ik haw it gefoel dat it hyltyd jonger wurdt.”

Troch Tsjerk Bottema

Docht haadliedder Jelle Wierenga út Easterlittens oar jier mei yn in oar doarp?

EASTERLITTENS - “Middei, Jelle Wierenga, haadliedding Spulwike Easterlittens.” De yllústere haadliedder fan Easterlittens stelt him keurich foar oan jo ferslachjouwer. Ik wurd der suver wat beduusd fan. Jelle Wierenga (28) is net samar immen, dat moatte jim begripe. Jelle is in wiere Spulwike-feteraan, in Spulwike-crack. Hy draait dan ek al sûnt 1990 yn de Littenser Spulwike-organisaasje mei en hy wie der al gau by; op syn fyftjinde siet er al yn 'e kampkommisje. Op syn sântjinde kaam er yn 'e Littenser lieding en no is er al wer hiel wat jierren aktyf as mikrofoanman yn de haadlieding fan Easterlittens.

Fan it jier binne der neffens Jelle in soad nije lieders yn Easterlittens (“Ik haw it gefoel dat it hyltyd jonger wurdt. Of ik wurd âlder; dat kin ek”). Dy hawwe it somtiden wat dreech om jûns de Spulwike-sfear ek fêst te hâlden. Dêrom is der yn Easterlittens in jûnskommisje yn it libben roppen, en dêr is Jelle fansels in prominent lid fan. Wat dy komisje foar de Littensers jûns organisearret? Jelle: “In komkommerrace bygelyks, of in bierfleskesrace, in skippybalrace of it “doppy-doppy-spul”. Wat dat lêste ûnderdiel fan it aktiviteitenprogram fan Easterlittens oanbelanget, stie jo ferslachjouwer ek foar in riedsel, mar “doppy-doppy” skynt in typyske âld-Littenser tradysje te wêzen, dy't fan generaasje op generaasje yn it doarp trochjûn wurdt. It hat yn alle gefallen wat fan dwaan mei tûk goaie kinne mei dopkes fan bierfleskes, tsjin dopkes fan oare bierfleskes oan, dy't soarchfâldich en op strategyske wize op de hals fan, jawol, in bierfleske del lein binne.... Wat der bart mei minsken dy't net tûk goaie kinne en neat reitsje is net hielendal dúdlik. Jelle koe of woe der yn alle gefallen gjin útslútse! oer jaan. Feit is al dat der de lêste jierren in soad lieders út Easterlittens ferdwûn binne. Neifraach by it Medysk Sintrum Ljouwert hat ús yn alle gefallen leard dat der de lêste jierren yn de moanne july opfallend soad minsken út Easterlittens en omkriten behannele binne fanwegen klachten dy't te krijen hiene mei it ferstoppe sitten fan de luchtpiip troch wat rûns en kantichs.

Alhoewol't Jelle al foar de fjirtjinde kear yn Easterlittens meidocht, is er lykas jo ferslachjouwer dochs wol nijsgjirrich nei wat der allegearre yn de oare Spulwike-doarpen bart yn de wike. It fiventweintich jierich jubileum fan de Spulwike, we sprekke yntusken oer 1997, hat Jelle dan ek tige goed foldien. Doe hie er in middei in ploechje bern fan groep trije en fjouwer ûnder syn hoede en dat is fansels al hiel oars as de bern út de groepen fiif en seis dy't der yn Littens om rinne. It tritich jierrige jubileum foldie Jelle ek skoan, want ek doe mocht er ris as lieder yn in oar doarp, mei bern fan in oare leeftiid mei rinne. De leden fan it Spulwike-mediateam tinke dat Jelle einlik leaver yn in oar doarp meidwaan soe, mar dat er dat no net mear oandoart, omdat er al sa lang yn Littens oan 'e gong is. Want wêr soe Littens wêze sûnder Jelle? Ut Spulwike-doarpen Weidum en Easterwierrum hawwe wy lykwols fernommen dat sy Jelle mei leafde yn har midden opnimme soene, bygelyks as ranjaskinker (ES) of as behandler fan it parkearplak foar de auto's fan de lieding (WE). Nettsjinsteande dit golle oanbod fan Wierrum & Weidum, skatte wy dochs sa yn dat Jelle syn fyftjinde Spulwike takom jier wer yn Easterlittens trochbringe sil. Wat ús oanbelanget bliuwt Jelle yn alle gefallen oant en mei it kommende Spulwike-jubileum yn 2007. It makket ús net út yn hokker doarp.



Jelle Wierenga

Littenser Spulwikebern lytse kriminelten

EASTERLITTENS - Yn Easterlittens wiene de bern neffens de ferhalen juster lytse kriminelten. Se soene autobannen, parasols, tûnstuollen, pionnen, hout, en alle oare saken dy't se mar yn hannen krije koene, stelle. Lieding en haadlieding yn Littens soene it allegearre mar gewurde litte. Sterker noch, de lieding soe sels mei dwaan, wylst de haadlieding de bern wakker oanmoedige soe. De lokale Littenser âlderein spruts der skande fan. Jo ferslachjouwer socht Gurbe Sytstra (85), alias “de âlde wize ûle fan Easterlittens”, op foar in quote: “Wêr moat dat hinne mei dy jongerein fan tsjinwurdich; se groeie op foar galg en rad!,” spruts de âlde Gurbe. De foarsitter fan de Weidumer haadlieding, Albert Durk Talsma, hearde it ferhaal út Littens holleskodzjend oan: “No sitte wy oar jier wer mei de bakte parren. Moatte wy al ús opfiedkundige kwaliteiten wer yn 'e striid goaie om der foar te soargjen dat it noch wat wurdt mei dy bern en dat se ús doarp net ôfbrekke.” Dizze sjoernalist beslute om sels mar ris op ûndersyk út te gean. Ek hy koe syn eagen net liuwe: bern jatten guod fan elkoar, wylst se har eigen saken te fjoer en te swurd ferdigenen. Lieders diene wakker mei en mikrofoanman Jelle Wieringa (28) stie mei syn megafoan foar de snút de bern op te ruien. Neifraach learde ús lykwols dat it hjir wol deeglik gie om in spul: it rôversspul. It groepke bern dat de measte spullen (deselden; bygelyks 12 autobannen) by elkoar wist te stellen, kaam as winner út 'e striid.

SMT-sjoernalist yn 'e war

BAARD - Yn Baard waard hjoed in âlde grize Ford mei Spulwike-stickers sinjalearre. De bestjoerder hie in blau petsje op en like wat yn 'e war te wêzen. Yn alle gefallen wie er op 'e syk nei yts en koe er dat net fine. Neifraach learde ús dat it gie om SMT-sjoernalist T.B. út L., yn wein 24 fan it SMT-team. T.B. wie der troch syn baas op útstoerd om ferslach te dwaan fan it Trije Doarpen Spul dat yn Baard, Winsum en Hûns plakfine soe. “Ik haw ek al yn dy oare twa doarpen west, mar der wie gjin Spulwike-bern te sjen, lit stean dat ik sels fier yn 'e fierte ‘Holle bolle tsjing’ hearde,” sa liet dyselde T.B. ús witte, dy't fierder sei dat er no hielendal net mear wist wat er dwaan moast, omdat syn mobile tillefoarn ek noch ris “stoarn” wie en hy gjin kontakt mear krije koe mei de SMT-redaksjekaravan. Wy hawwe him mar troch stjoerd nei Easterlittens. Neffens de ferhalen hawwe se him dêr wat treaste mei in bakje koffy en in stikje koeke....



SMT-sjoernalist giet op paad



Plyse Johan sprekt de bern ta

“Trije Doarpen Spul” wurdt “Trije Fjilden Spul”

EASTERLITTENS - It minne waar liket fan 'e wike aardich troch te setten. Alhoewol't it hjoed sa slim net is as juster, binne der dochs geregeld buien. Dat docht de haadlieding yn Easterlittens der ta besluten dat it “Trije Doarpen Spul” yn in oare foarm plakfine moat. It wurdt in “Trije Fjilden Spul”. Doel wie dat de bern ferskillende spultsjes dwaan soene yn de doarpen Baard, Winsum en Hûns. Mar de rein goaide wer wetter yn it iten. Mei dit waar kinne jo gjin bern mei trekker en wein fan plak nei plak ferfiere,” neffens haadliedder Johannes de Groot. Omdat it net de hiele tiid mar út en troch reint, binne de Littenser sportfjilden in bettere opsje. “Mocht it sa wêze dat it wetter wer mei bakken út 'e loft komt, dan is De Jister tichtby, seit Johannes.



Lieding hinget yn touwen

Toaniel-middei lang mar de muoite wurch

WEIDUM - De loft beluts op de ein fan de moarn. It soe dochs net wer begjinne mei reinen?. Dat soe wol hiel min útkomme. Moarns wie der ommers fan alles boud, oanklaaid en betocht en middeis moast in stikje opfierd wurde. Ien foar ien waarden de toanielstikjes fan de groepkes opfierd. Hjir en dêr wat lang, mar wol alderaadichst. Prachtige spilers, moaie artysten, grutte praters, se wiene allegearre te sjen op it toaniel dat efter op it fjild stie. Fan de fjirtjin groepkes wiene der neffens de sjuery twa winners. De deipriis waard wûn troch “De lachende boedha's” en de “Vliegende Tapijtjes”. Fier nei healwei fjouweren hie it lêste stikje west. De bern, de lieders en alle oaren hiene har tige fermakke. Sels de rein hold eefkes de adem yn. It bleau droech dy middei.



Utfiering fan in moadeshow



Dekor foar it toaniel stik

Nijerwetsk bouwerij

WEIDUM - In jier as fiif lyn waard der yn Weidum besluten om op te hâlden mei it bouwen fan tinten. Net dat bern net mear bouwe woene, mar gewoanwei om't der op it keatsfjild gjin gatten yn de grûn mochten en dan kinne je net sokke moaie tintsjes bouwe. Dochts wiene der noch al wat bern dy't it bouwen misten yn de wike. Moatte se yn Weidum dan mar wer oan it tinten bouwen? De wike is no op it skoppersfjild en dêr mei wat mear as op it keatsfjild. Mar tinten bouwe dogge de bern yn de oare doarpen al. Miskien is it in idee om wat oars te bouwen. De woansdeitemoarn fan Weidum stie yn it teken fan bouwerij. De groepkes hiene as opdracht om middeis in stikje te dwaan en om dat stikje leuk te meitsjen, mochten se moarns dekorstikken meitsje. De iene groep stuts har yn moaie klean, de oare groep pakte de elektryske seage en boude der op los. Moai wie it om te sjen dat der mei in frije opdracht sa folle fariaasje kaam. Om koart te gean: it die wol bliken dat it nei jierren wer ris tiid wie om oan it bouwen te slaan. Net op de tradisjonele Spulwike-wize, gjin tinten dus, mar in nije ynfolling fan in âlde beuzichheid. Wis en seker foar herhelling fetber.



Bouwsels op it skoppersfjild

Organisaasje Spulwike Easterwierrum tige fleksibel

EASTERWIERRUM - De waarsferwachting wie net goed, mar de lieding fan Easterwierrum wie der lokkigernôch yn slagge om it entúsjasme dat sy de moandeis al hiene, fêst te hâlden, sadat sy ek de twadde groep wer mei in soad enerzjy ûntfange koenen. It program wie lykwols al in bytsje oanpast. Dat is it foardiel fan Easterwierrum: as bliken docht dat guon spullen op moandei of tiisdei net goed rûnen, dan kinst se noch oanpasse en soargje dat it op waoansdei of tongersdei better giet. Sa wie der op tiisdei in spul wêrby't de groepkes troch it doarp giene, wylst de lieders by de spultsjes stean bleaune. Dat wie efterôf wat te heech grepen foar dizze leeftiid. Feroarje dus. Fierder moast der fansels fanwegen de waarsomstandichheden noch it ien en oar ymprovisearre wurde. Mar der is ien ding dat altyd itselde bliuwe sil: de ûntfangst fan de bern. It by ien roppen fan de bern en it útdielen fan de T-shirts bliuwt altyd in grut feest foar de jongerein fan de groepen trije en fjouwer.


Hynsterace yn Easterlittens

EASTERLITTENS - Anno is net allinne gek, mar kin ek hiel goed de hynsterace dwaan. De iterj fûn woansdei plak yn De Jister. Tagelyk it plak foar de lieding om jûns gesellich by elkoar te sitten, mar yn gefal fan oermacht it ideale skûlplak foar de jongerein. Nei de iterj en it drinken, moat der dochs in wize fûn wurde om de tiid te deadzjen. Nei bûten is fanwegen it minne waar gjin opsje, dus wurdt der binnen nei mooglikheden socht. Anno is dêrfoar de oanwiisde persoan. Fan it momint ôf dat er de mikrofoan pakt hat, begjint de groep al te sjongen: “Anno is gek, Anno is gek!” En dat liet duorret mei gemak in fiiftal minuten. Dêrnei is it tiid foar de hynsterace. Anno fersoarget it spannende wedstriidferslach fan de race, wylst de bern mei har hannen op har boppeskonken slaan en it gefûd fan dravende hynders makken. Foar alle hindernissen dy't se ûnderweis tsjin kamen hiene se in oar gebaar, dus as Anno bygelyks rôp dat se oer trije horden springe moasten, sprongen alle bern trije kear de loft yn. Sa wie der fansels ek noch de wetterbak, swaaie nei de minsken lofts van dy, de minsken rjochts fan dy, en nei de hage. Foar de meast ferskillende obstakels wie der in beweging betocht. En op dy wize kinst bern dus in kertier lang dwaande hâlde as it wer ris rot waar is, wylst it foar de bern sels in fantastysk feest is.

Webmail

“Hoi ik bin Marco en sit al op de middelbere skoalle, mar ik haw Spulwike sa allemachtich mist, werom is der gjin Spulwike foar 12+?”

“Marco, ik kin my yntinke dat it dreech foar dy is, mar der is no ien kear in grins steld. Mar goed nijs: oer inkelde jierren kinst dy opjaan foar de lieding yn ien fan de trije doarpen.”



**LEANBEDRIUW
EN
KRAANFERHIER**

OKKEMA

www.okkema.nl
E-mail: okkema@leanbedriuw@hetnet.nl

EASTEREIN 0515 - 331366

MvM ZONWERINGEN

Hogeterp 3, 8831 XT Winsum
Telefoon 0517 - 34 14 17 • Fax 0517 - 34 21 00

**LEVERING EN PLAATSING DOOR
HEEL NEDERLAND VAN
BINNEN- EN BUITENZONWERING**

Wij garanderen de laagste prijs met een zeer hoge kwaliteit. Indien u elders goedkoper kunt, leveren wij het u voor dezelfde prijs (*Mits dezelfde kwaliteit.) Voor vrijblijvende informatie kunt u ons altijd bellen.*

Autobedriuw Sypersma

Dilledyk 1
9021 CV EASTERWIERRUM
Tel: 058-2501215
Fax: 058-2501591




**EPPIE VEENSTRA
SCHILDERWERKEN**



onderhouds schilder hout/marmer immitatie

AE
STAND-
SCHILDER

Dekemawei 18 Boord 0517-342077



DE VIJF SINNEN

specialiteiten restaurant

Hegedyk 2 - 9024 EA WEIDUM
Tel: 058-2519217 - Fax: 058-2519994

**Stucadoorsbedrijf
SerBau**



de Iisbaan 4 - 8731 DW Wommels
Tel: 0515 - 331012 - Fax: 0515 - 332796
info@serbau.nl - www.serbau.nl

[Smids DesignStudio]

www.alsjeeenwebsitewiltmoetjebijonszijn.nl

BOCREANA


caravans



Rijksweg 3 - 8644 VP Dearsum - 0515 52 12 44
www.bocreana.nl - info@bocreana.nl

De tapijstunter

De lange baan 10
8731 DZ Wommels
Tel. 0515 332605



BAKKER

Metaalbewerking bv

Kleasterdyk 45a - 8831XA Winsum
Tel. 0517 341551 - Fax. 0517 341850
E-mail info@bakkermetaalbewerking.nl

www.mannenvanstaal.nl

de Jong

**Tweewielers
& Taxibedrijf**



Iisbaan 2, 8731 DW Wommels

Uw adres voor:
fietsen, reparaties, sleutelservice, taxiritten,
fietsverzekeringen, schaatsen, fietskleding,
onderdelen, fietsverhuur, enz.enz.enz.enz.

www.tweewielers-taxibedrijf.nl

Jf Frankena b.v.

Loonbedrijf en Machineverhuur

- * COMPOSTAARDE
- * ZWARTE GROND
- * DIV SOORTEN ZAND
- * GRIND
- * SCHELLEN
- * COMPLEET GRONDWERK
- * WALBESCHOEIINGEN (LEVEREN EN AANBRENGEN)

VRAAG VRIJBLIJVEND INLICHTINGEN
Tel. 0517-341681
Fax. 0517-341666

WINSUM

Bouwbedrijf D. Posthuma

Kleermakersstraat 8
8601 WG Sneek
Tel. 0515 413872
Fax. 0515 411282

“Doarpenspul”, moai spul, min waar

WEIDUM - As SMT- sjoernalist hawwe jo it sa drok, dat je net oeral wêze kinne. Dochs wol myn baas, dy yn dy karavan, dat ik oeral wat oer skriuw. Hoe moat ik dat hawwe? No lokkich hat tsjinwurdich elkenien in mobyltsje. Ik belje gewoan om de safolle tiid in lieder en freegje wêr't se mei oan de gong binne op dat stuit. Hjirûnder stiet in oersjoch fan de tillefoanpetearen dy't ik mei Aukje Nauta hie, lid fan de kommisje dy't it doarpspul tariedt.

10.26 oere
MANTGUM - Wy binne krekt op in skoalplein. Wat nei tsienen setten wy ôf en no binne de bern hjir oan it stoepkrytsjen. Se moatte nammentlik in fantasijfflage meitsje fan in lân of wat dan ek. Se binne drok dwaande, en hawwe der lol yn. Der giet it om, dochs. Hé, fan kertier oer alven ôf binne wy yn Winsum, belje dan mar wer eefkes. Tút oan Wybo. Hoi!

11.33 oere
WINSUM - Wy sitte yn Winsum en it reint. Slim, hin. Mar wy binne binnen yn de kantine fan de lokale tennisferiening. Wy moasten in dûnske meitsje en dat útfiere foar in sjuary. Dat wie wol spannend, mar wy skoarden allemachtich goed. Wy hiene in dikke, fette acht! En wy slikje op dit stuit oan in ijsko. Aanst moatte wy nei Boazum leau ik en dêr nimme wy ús hapke iten ek. Hé, oant sa. Hoi.

12.34 oere
WOMMELS - Ja, dêr bin ik wer. Hâld dy stil! Nee, dat wie net tsjin. Sitte! Ferdikkeme sitte! Ja, it wie harstikke leuk. Nee wy gean noch net nei Weidum ta! De bern binne dweiltroch wiet en raze dat se nei Weidum tawolle. Mar dat mei net fan de haadlieding. Wy geane moai troch. Mar it is ferrekte kâld hjir yn in loads yn Wommels. Stil no! Nee, do net, mar it is spitch dat it net giet sa as je soks úttinke.

13.29 oere
UNDERWEIS - Wy sille no nei hûs ta. It is net mear te dwaan. It moat ek leuk wêze foar de bern! Kâld wurde is net bepaald leuk. Dan mar de rest fan it dei yn it doarpshûs feestte, dat kin ek fantastysk wêze. Mar earlik sein haw ik hjir sa'n soad foar en oan dien dat ik no echt baal, mar dat sille de bern net oan my sjen, hear.

14.25
WEIDUM - Wy binne oankommen, ik sprek dy sa wol!

Yn Easterwierrum wurdt it measte songen

EASTERWIERRUM - “Holle Bolle Tsjing! Hé! Tsjinge, tsjinge, boem! Hé! Tsjing! Hé! Tsjing! Hé! Tsjinge!tsjingsjing! Hé, hé!” It meast herkenbere nûmer fan de Spulwike yn Littenseradiel. En elkenien kent it ek. Op himsels net ferwûnderlik yn Easterlittens, en noch minder yn Weidum. Mar wat wol alle jierren wer opfalt is hoe gau as de bern yn Easterwierrum it liet yn 'e macht krije; sy binne der ommers mar twa dagen. It duorret amper in dei foardat dizze bern de yel yn 'e macht hawwe. En bûten dit nûmer binne der noch legio oare nûmers dy't de bern fan Easterwierrum sjonge. Men kin hast wol stelle dat Easterwierrum it Spulwike-doarp is dêr't it measte songen wurdt en dr't ek elkenien werklik mei sjongt. “In tante út Korea” (alhiel neffens it tema), “It is moai om Spulwike te hawwen”, “Spulwike Diarree” en neam se mar op (se binne trouwens allegearre te finen op www.spulwike-littenseradiel.nl, red.). In gesellige atmosfeer dy't garant stiet foar in soad lústerville. Echt in oarfrieder om oar jier Easterwierrum ek ris oan te dwaan.



Sjongende bern yn Easterwille

Eeeeen daar gaat tie dan weer
En daar gaat tie dan weer voor de zoveelste keer want je moest van je moe naar de spulwike toe en je zong je kapot en je rende je rot want je moest van je moe naar de spulwike toe
Holle bolle tsjing
HOLLE BOLLE TSJING Héé TSJINGE, TSJINGE BOEM Héé TSJING Héé TSJING Héé TSJINGELIETSJINGTSJING Héé, Héé

Bern Ijurkjend oan bierfleskes



Presintaasje troch Anke en Sjoukje

It wie in topjûn yn Weidum. Se neame it tradysjegetrou bonte jûn en bont is sa'n jûn yndie. De band PLUG 'N PLAY soarge foar de live-muzyk, Anke en Sjoukje foar de presintaasje en de bern dûnsen as fanâlds. En as je net dûnsje wolle, dan is der altyd noch in spultsje dat foar ôflieding soarget. De jonges en famkes krije twa konsumpsjebonnen en drinke har ranja út bierfleskes. It soarget foar in hiel absurd byld, allegear bern Ijurkend oan Heineken-fleskes. De jûn is altyd in súkses en dat is no net minder. Sels it waar kin it dizze kear net ferbrueie om't it doarpshûs oerdekt is. It is de earste kear dy wike dat men baalt dat it net reint.

In knakwoarstje en gau sliepe

WEIDUM - Nei de bonte jûn setten alle 220 bern, lieding, haadlieding en kampkommisje ôf nei de famylje Flapper. De reis fan sa'n oardel kilometer wurdt al sjongend ôflein. It hiele doarp wit krekt foar middernacht dat de Spulwike noch altyd geande is. By Flapper krijt elkenien in broadsje knakwoarst, noch in kear ranja en in riant plak by it kampfjoer. Dan moatte, nee, dan meie de bern sliepe. Jawis, de measten binne bliid dat se sliepe meie. It waar hat se sloopt, de yndrukken hawwe har bot wurch makke. De jonges en famkes geane nei har sliepplak, se sille elkoar noch twa kear sjen. De jonges bringe de famkes in nachttút en oarsom. Dan is it dêrnei hiel gau stil. It ljocht wie by de measten al lang útgien.



It kampfjoer yn Weidum

Survivals yn Littens en Weidum geane net troch: Min waar program biedt útkomst

EASTERLITTENS/WEIDUM - Hoe is it mooglik! Alle dagen as je wekker wurde, dan hoopje jo dat it waar tafalt en meastentiids wie dat yn alle gefallen moarns ek it gefal. De sinne joech hoop, mar liet har dêrnei wer maklik ferslaan troch de wolken en de buien. Nei it minne waar fan ferline jier, tocht elkenien dat de Spulwike sa stadichoan har poarsje reinwetter wol hân hie. Nee dus. Wy helje krekt net de milimeters fan ferline jier, mar doe reinde it teminsten de hiele dei. No hâldt it waar je konstant foar de gek. Yn Weidum giene de twa grutste spullen yn earste ynstânsje troch. Sawol de survival op tiisdei as it doarpenspul op tongersdeis setten útein mei ridlik waar. Beide eveneminten hawwe lykwols de ein net helle: beide kearen waard besluten om it spul fanwegen de ekstreme reinfal foartidich te beëinigen. “Skande”, komt út de mûle fan foarsitter Albert Dirk, “je wolle it wol oars, mar wat dogge je deroan?” Dy fraach jout tagelyk it antwurd. Je dogge neat oan it waar. Dan it min waar programma mar út de kast pakke. Lokkich hawwe de doarpen goed oer de alternative programma's neitocht. “Ferline jier moasten we wol”, aldus Jelle, haadlieder yn Easterlittens, “no kinne wy dy ûnderfining wer brûke.” De Littensers hawwe de survival trije dagen klear stean litten; it mocht ommers net barre dat de oerlibbingstocht fan it jier wer net trochgje. Twa jier gjin tocht, dat koe dochs net. It barde al sa. Op tiisdeis wie it rot waar en op woansdei en tongersdei koe it ek net trochgean. Materiaalman Johannes relativearret it foar neat del setten fan de hiele survival: “Witte se tenei ek wêr't alle attributen lizze en wêr't se op de survival-route del lein wurde moatte”. Kommend jier mar wer ris besykje. Ek yn Weidum sil de survival takom jier wis en seker wer op it program stean. Lykas it doarpenspul. It is spitch dat de bern dy't no yn groep 6 of 8 sitte, net sjoen hawwe kinnen hoe moai de survivals yn Littens en Weidum binne. It is net oars.

Geast wol bern net teloarstelle

EASTERWIERRUM - Lykas op tiisdei mei de bern ôfpraat, hoegde hy net mear werom de flesse yn. Dat soe lykwols in freeslike teloarstelling wêze foar de bern dy't op tongersdei graach har fotoliskes krije wolle soene. Nei lang oantrunen hat de Easterwierrumer haadlieding de geast fan de needsaak oertsjoegje kinne fan de needsaak om noch ien kear werom te gean yn 'e flesse. Sa sein, sa dien. De geast gie werom de flesse yn en de bern dy't alle tsjoenwurden by elkoar sparre hienen, tsjoenden him der wer út. Lokkich wist de geast syn tsjoenspreuk noch om de fotoliskes werom tsjoene te kinnen. De eare om de fotoliskes út de tinte te heljen waard dizze kear oan Thys oerlitten, omdat it syn lêste kear yn de Spulwike-lieding wie.



De geast fan Easterwille

Easterske spullen yn in droech Easterlittens

EASTERLITTENS - It wie eefkes, hiel eefkes moai waar. Krekt lang genôch om yn Easterlittens de tongersdeitemoarn neffens plan ferrinne te litten. Der stie in pul op it program dat Sineeske Muorrespul neamd waard. Wêrom't it sa hjitte, wit gjinien, mar de namme wie moai, krekt lykas it pul op himsels. De groep waard yn twa groepen ferdield. Oan beide kanten stiene njoggen spullen. De groepen moasten it tsjin elkoar opnimme. It wiene koarte, aardige spultsjes, dy't allegearre in namme krigen hiene dy't ferbân hold mei it tema It Fiere Easten. Fleanende Tapytsjes, Perzysk rinne en it Hiddinkspul. Ja, jo lêze it goed. Guus Hiddink, hat dy wat mei it tema fan dwaan? Ja, hy hat ommers ferline jier súkses hân mei Súd-Korea op it wrâldkampioenskip fuotbal. En dat leit hiel fier hjir wei yn eastlike rjochting. De spultsjes rûnen as in trein. Net te koart, net te lang, mar krekt goed. De bern fermakken har en dêr giet it úteinlik om, dochs!

Middeisprogram yn doarpshûs Weidum

WEIDUM Healweis de tongersdeitemiddei beslute de Weidumer haadlieding dat der dochs mar net trochgien wurde moast mei it doarpenspul. De bern op 'e karren rôpen dan ek massaal: “Wy wolle nei Weidum ta!” Carlo Booms (11) sei letter tsjin jo ferslachjouwer dat er bliid wie dat it doarpenspul ophold; hy fûn it wiet en wie kâld en woe graach wer rjochting Weidum gean. De earste trekkers en weinen rieden dêr om in oere as twa dy middeis dan ek mar wer hinne en ien foar ien druppelen groepkes bern it Weidumer doarpshûs yn. Dêr waard earst al fêst wat diskodûnse; de bern koene fêst wat oefenje foar dy jûns (mei de bonte jûn is der ek altyd disko, red.). It min waar program fan dy deis wie wer goed tarieden troch de min waar kommisje. Liedster Anke Hoekstra (20) fertelt oer de spultsjes fan dy middeis: “Op it program stiene ûnder oaren de spultsjes Moardernaarke, Black Magic (basearre Sineeske Tsjoenkeunst), de Japanske Skjirre (de bern sieten yn in rûnte, joegen in skjirre troch en moasten der foar soargje dat de stân fan de skjirre gelyk wie oan de stân fan har fuotten), de hynsterace fansels, ‘Sibbel kom op ‘e knibbel’ en it bierfiltsjesspul. By dit lêste pul moasten twa groepen tsjin elkoar stride. De groep dy't as earste alle bierfiltsjes oan har kant omdraaid hie, hie it pul wûn. It foel my op dat de bern benammen by dit spultsje aardich fanatyk wiene, nei alle gedachten kaam dat ek omdat se hjir punten mei fertsjinje koene.” Dizze SMT-sjoernalist wie krekt op 'e tiid wer yn Weidum om in yndruk te krijen fan de lêste spultsjes dy't de bern diene. Ek hy seach dat de bern wakker fanatyk wiene. De kâldens en reinichheid fan it begjin fan 'e middei wiene se al wer fergetten.



Min waar programma yn it Weidumer doarpshûs

Earme wiete bern!

WEIDUM - It sil je mar oerkomme. Je binne alve of tolve jier en je wenje yn de gemeente Littenseradiel, en je moatte fan jim mem nei de Spulwike ta. Dan kin je mei rjocht sizze dat it net bepaald aardich is om je ferreine te litten op tongersdeis, krekt dy tongersdeis dat je jûns sliepen bliuwe meie. De bern komme op it begjin fan de middei werom yn Weidum. Foartidich hawwe alle groepkes de striid stake moatten. De bern sjogge der ûntefreden út, se binne kâld. Eefkes letter sjocht it der wer wat better út. De bern bewege wer, se laaitsje wer en se tinke wer oan jûn, dan stiet de bonte jûn op it program en dy kin net ferreine, dat is ûnmooglik!



Diskojûn yn Weidum

Littens skûlet foar de rein

EASTERLITTENS - Se swimme altyd yn Wommels op de lêste dei, de tongersdeis, de bern en de lieders fan Easterlittens. Dit kear koe it wier net, de bern soene al swimme kinne foar't se yn Wommels binne, sa reinde it dy middeis. Lokkich hie men nei Pyt Paulusma heard en sadwaande in min waar programma efter de hân. Op fjouwer lokaasjes wiene seis binnenspullen betocht. Stuolledûnsje en basketballe koene je yn it doarpshûs, yn de oare lokaasjes wiene ek soksoarte fan spullen klearsetten. Hoewol't bern de spultsjes alderaardichst fine, it is net wat je der fan ferwachtsje. Letter op 'e middei sil men dochs mei de tariedings foar de optocht begjinne. Ynstruminten wurde makke om mar goed leven meitsje te kinnen. Tusken de skermen troch romje de bern en de lieders it fjild ek eefkes op. Men giet derfan út dat de optocht gewoan trochgean. En oars? Oars krije de bern har listke en is it: goeie en oant sjen! Dat is net echt in ein dêr't je op wachtsje. Hoopje op opklearring.

Webmail

“Hoi ik doch mei yn in doarp as lieder mar wol ek graach yn it SMT. Hoe kin ik deryn komme?”

“No, do kinst altyd in baltsje opgoaie by ien fan de fjouwer hearen fan it SMT. Mar soargje wol foar goede referinsjes en hâldt rekken mei in sollisitaasjeprosedure dy't lang duorje kin.”

Moarnsiten by Flapper



WEIDUM - Nei sa'n geweldige jûn en sa'n drege nacht, is it ferstannich om goed te iten. Dat witte dizze bern mar al te goed!

Idols jout spulwike Weidum passend ein



WEIDUM - As alderlêste item fan de wike yn Weidum hie min in soarte fan Idols. Alle groepen hiene fanôf moandei de tiid om in nûmer yn te studearen. Nei de swiere wike, wie it in hearlik ûntspannen ein fan in wiete spulwike yn Weidum.

Grinzen ferlizze en grut tinke
In ynterview mei Patrick Kramer en Dries Gerbens

Troch Tjerk Kooistra

Patrick Kramer en Dries Gerbens, pensjonearre Spulwike-haadlieders yn Weidum. Tegearre hawwe se mear Spulwiken draaid as de Spulwike âld is. Spulwike feroare har libben. Se kinne elkoar der bygelyks troch. De ien naam in 1999 ôfskied, de oare goaide ferline jier de handoek yn 'e ring. In ynterview by trije typyske Spulwike-lokaasjes del. In ferhaal oer feroaring en tradysje. In dialooch oer ferline en takomst.

Weidumerhout

Wy hiene om acht oere ôfpraat by it Weidumerhout. Yn de auto betink ik de lêste fraachjes dy't ik beide hearen stelle wol. Ik bin suver in bytsje nerveus. Frjemd eins. Ik kin beide mannen al safolle jierren, ik haw al sa faak oer Spulwike mei har eamele, mar nea offisjeel. Ik kom by it Weidumerhout en eefkes twifelje ik of se de brêge of de kamping bedoele. Dan komme se der oan riden. Laitsjend jou ik se de hân. Nei't ik se útlein haw dat ik oan de hân fan trije Spulwike-lokaasjes mei harren oer de Spulwike prate wol, sette we ôf rjochting de brêge.

De Swette en grut tinke

Op de brêge falt der in stilte. We sjogge de rivier dêr't ien kear yn de safolle jier de earste kilometers fan de "tocht der tochten" ôflein wurde. As bern tocht ik altyd dat de Swette oanlein wie om de grins tusken Ljouwert en Littenseradiel te lûken. Oant de brêge ta is alles goed, oan de oare kant stjonkt it, dat is Ljouwert. We konstatareje dat it wol in breed wetter is. "Moast dy foarstelle, midden jierren njoggentich, wy woene ús survival wat spektakulêrder meitsje en doe kaam it idee om de Swette te trotsearjen." Dries wit noch krekt hoe't dat gien is. "Wy sieten yn de keuken mei Jaap Groen en ynienen hiene wy it oer in kabelbaan oer it grutste wetter hjir yn de buert!" "In jier letter wie dy der ek," laket Patrick. "As wy wat woene, dan kaam it der ek." Dries fertelt dat mei dy kabelbaan oer de Swette in grins ferlein wie. En net allinne in gemeentegrins, mar in psychologyske barriêre as it ware. De blik feroare, der wurde fan doe ôf grut tocht. En fernijend. Wat goed wie moast better, wat ridlik wie, moast oars. Spulwike gie nei in heger plan.

Rituelen

"We feroaren dan wol in soad, mar dochs wie der genôch romte foar tradysje", seit Dries. "Rituelen!", raast Patrick, "wy hiene safolle rituelen!" De beide prate hûndert út oer rituelen, oer ûntgrieningen fan nije liederen yn de kikkertsleat, oer in wike net douche of oars mei elkoar, oer komkommer-maskers en noch in soad oare saken. De twadde lokaasje is de romte op de Hegedyk, om it hûs fan Jaap en Wil. "Yn de earste jierren stiene wy op dat fjildsje neist de famylje Groen, mar dat mocht net mear", fertelt Dries, "fanwegen dy pony's." "Dy koene gjin liederen yn de eftertún ferneare". Der wurde yn 1994 ferhuze nei de oare kant fan de dyk. Wat grutter, wat rêstiger, mar minder sljocht. De tintsjes stiene der lykwols altyd kreas. In bulte lytse tintsjes en gjin grutte. Dan hâldt men elkoar mar wakker en dat is net de bedoeling. "It stiet ek moaier," seit Patrick, altyd each hawwend foar uterlike skientme.

Wekker wurde!

Dan krije we it oer it wekker wurden. Wiken foardat it feest los koe, setten Dries en Patrick hiel soarchfâldich in bantsje yn elkoar, de muzyk dêr't de lieding wekker op wurde moast mei de Spulwike. Earst waard dat draaid oer lytse boksen, úteinlik stiene der boksen dy't hiele Malifjilden bespylje kinne. Sels haw ik se ris mei Patrick opsteapelje moatten. No, se wiene op syn minst trije meter heech en in kear sa breed. Allemachtich! Jo wurde dan mei de hierren rjocht oerein wekker. En net allinne yn de tintsjes, ek yn de rest fan de doarpen en sels noch yn oare doarpen. "Wy hawwe sels ris klachten út Boksum han, dat leit al gau fjouwer kilometer hjirwei", laket Patrick. "Dat wie in kear moarns om seis oere, in oere earder as gewoan", docht Dries út de doeken, "de tillefoan by Jaap en Wil stie read gloeiend". Wy stappe nei it doarpshûs, de lokaasje foar it minne waar en de bonte jûn. "Fantastyske mominten belibbe, benammen as it min waar wie. Dan sjogge je de ymprovisaasjekapasiteit en fan de lieding. Wy hawwe wol ris in middei neat oars dien as sjonge, dûnsje ek gek dwaan. En elk bern fermakke him!" Patrick en Dries prate troch oer de wike. En sille dat altyd dwaan bliuwe. Se kinne elkoar fan de Spulwike en de tradisjonele feestjes nei de tiid. Se kinne elkoar troch en troch. Patrick seit sels alles te tankjen te hawwen oan Spulwike. Hy trof dêr syn frou Jeltsje, de mem fan syn bern. En oer bern sprutsen. Oer inkelde jierren rinne Dries en Patrick wer yn de optocht fan Easterwierrum, as heiten fan Yme en Pieter.



Patrick en Dries sjogge werom

Anno, de sjoernalist fan de Ljouwerter & de gehaktbal

De redaksje fan de Spulwike-krante frege my myn ljocht ris skine te litten oer de ûntwikkelings yn de Spulwike fan de lêste tsien jier. Fansels hawwe der de ôfrûne jierren in soad lytse feroaringen west yn de Spulwike. Sjoen it feit dat ik as lieder yn Easterlittens en tagelyk as ponghâlder yn de Spulwike-seksje funksjonearje, haw ik op beide fronten feroarings meimakke. Benammen de aktiviteiten yn de Spulwike sels, binne neffens my yn de rin fan jierren aardich feroare. Programma-ûnderdielen waarden hyltyd spannender en spektakulêrder. As lieder witte jo ek hyltyd better hoe't jo mei de bern omgean moatte. Yn de earste jierren dat ik meidie, profilearre my as in sobere lieder, dy't him net bot fan de oare liederen ûnderskiede. Op it stuit bin ik dochs wol letterlik en figuerlik in kleurrike lieder wurden. As ik no ris fanút it perspektyf fan ponghâlder werom sjoch op tsien jier Spulwike (wêrfan't ik no dus fiif jier as finansjele man mei draai) sjoch ik dat de measte kosten prosintueel aardich stegen binne. Dêrtroch wurde jo der ta twongen op oare wizen it kosteplaatsje rûn te krijen. Dêr giet in soad tiid yn sitten en dêrom is besletten om in aparte kommisje yn it libben te roppen dy't him dwaande hâldt mei de Spulwike-finânsjes. Dy kommisje rint op it stuit as in trein, dat wy kinne tige ynnommen wêze mei it wurk dat de minsken yn dizze kommisje fersetse. Moaie mominten hawwe der fansels genôch west, en dy sille der ek altyd bliuwe as it om de Spulwike giet. Dat is yts dat yn tsien jier net feroare is. Alle jierren is der bygelyks wol wer in dei dat wy by it waarm iten in gehaktbal servearre krije. Spitigernôch moat ik lykwols alle jierren wer fêststelle dat dyselde gehaktbal op de ien oft oare wize fan myn board ferdwynt. Wat dat oanbelanget hiene wy mei de Spulwike yn 2001 dochs wol de hichte. Siet ik lekker te iten, en ferlear ik myn gehaktbal gjin momint út it each, wie der ynienen tillefoan fan de Ljouwerter Krante. De sjoernalist dy't my belle wie tipt oer "de gek fan Easterlittens", sei er; om koart te kriemen: it alle jierren werom kommente "Anno is gek". Hy woe alles fan my witte. Wannear't ik mei de Spulwike begûn wie, hokfoar wurk as ik die, ensfh., ensfh. Hy soe sels noch del komme om my op de foto te setten. Ik fûn it einlik wol in ear en glundere fan grutskens. Doe't ik nei it tillefoantsje wer myn board opsocht, wie myn gehaktbal fansels al wer opiten troch in oar. Al wie myn gehaktbal fuort, ik hie noch altyd net yn 'e gaten dat se my mei it tillefoantsje fan dy saneamde sjoernalist in loer draaid hiene; it hie neat minder as in smoarge truck west om fan myn gehaktbal te berôvjen; pas letter op dy jûn kaam ik efter de hurde wierheid: it die bliken dat in sekere Bas Hollenberg, dy't krekt ophâlden wie mei de Spulwike, ek yn it komplot siet. It hie dus gjin sjoernalist fan de Ljouwerter west dy't my in tillefoanysk fraachpetear ôfnaam hie, nee, dat wie Bas Hollenberg mei in ferfoarme stim. Tocht ik wier eefkes dat ik mei myn holle yn 'e krante komme soe (stiest der no dochs noch yn, red.). As dizze krante útkomt, sil myn gehaktbal nei alle gedachten wol wêr ferwûn wêze. Ik hoopje dat elkenien dy't dizze earste Spulwike-krante lêst, foldien op in moaie Spulwike werom sjen kin. Ik wit sels no yn alle gefallen al dat ik der wer fan genietsje sil fan it jier!



Anno is gek

Groetnis fan Anno Hilverda, alias "Anno is gek".

I	W	T	I	M	P	E	L	P	S	P	U	N	E
A	E	I	W	E	S	I	N	E	E	S	S	E	J
B	I	I	I	D	K	E	F	K	A	N	J	P	S
A	D	E	D	I	L	A	A	I	S	E	O	R	K
I	U	G	E	A	M	N	N	T	T	N	A	E	
E	M	N	N	K	R	B	I	G	E	T	G	O	S
M	N	O	E	A	E	E	J	T	R	I	E	D	R
S	I	J	I	R	E	T	S	E	W	L	G	E	G
L	D	N	N	A	I	R	I	N	I	R	E	J	N
I	A	C	W	V	O	N	O	H	E	E	A	I	I
F	L	J	I	A	F	I	R	K	R	T	S	R	D
P	L	I	N	N	A	F	K	E	U	S	T	T	E
E	A	E	T	N	A	R	K	O	M	A	E	I	I
P	M	A	K	N	E	T	N	I	T	E	S	T	L
A	L	L	A	D	T	N							
B	A	T											
B	E	R	N										
E	A	S	T	E	R	L	I	T	T	E	N	S	
E	A	S	T	E	R	L	I	T	T	E	N	S	
F	A	M	K	E									
G	E	A	S	T									
J	O	N	G	L									
K	O	R	E										
K	R	A	N	T	E								
L	I	T	T	E	N	S	E	R	A	D	I	E	L
L	I	T	T	E	N	S	E	R	A	D	I	E	L
M	E	D	I	A	K	A	R	A	V	A	N		
Y	N												
P	R	A	N	S									
R	E	I	N										
S	E	K	S										
S	C	I	N										
S	C	I	N										
S	C	I	N										
L	I	X	F	E	L								
T	E	X	T	E	N	K	A	N	D				
T	O	R	T	O									
T	R	I	C	E									
W	E	I	D	U	M								

